

Utgéfte:
ZEIJL & KUIPERS
Dockum

**FOR
'T FRYSKÉ
JONGFOLK**

**FLEURIGE
FOARDRACHTEN
BYINOAR SWILE
TROCH**

A. M. WYBENGA

For

't Fryske

Jongfolk

FLEURIGE FOARDRACHTEN

BYINOAR SWILE TROCH

A. M. WYBENGA

Vn hâld:

<i>Pipermintsjes mei in kadootsje</i>	5
<i>Japik yn 'e forlegentheit</i>	8
<i>In liep skot</i>	11
<i>De wylgen</i>	12
<i>Pine mûle</i>	14
<i>In droom</i>	15
<i>Jonge nocht</i>	17
<i>De túnbank</i>	20
<i>Mei Omke to fiskjen</i>	26
<i>De greate koal</i>	31
<i>De kou</i>	32

Pipermintsjes mei in kadootsje.

IN INKELD WIRD.

IT JONGFOLK hirre hat wol gauris op my
ôf west, om in fleurige foardracht. De stikjes, dy't
ik op dizze wize gearstalde, foelen der by it folk
wol yn.

In hantsjefol dêrfen binne yn dit boekje gear-
sammelle. De bidoeling hirmei is, det hja yn mear
formiddens ta de nedige ôfwiksel fortuten dwaen
scille.

It sprekt fensels, det hji yn 't minst gjin
„literatuer“ oanbean wirdt.

De ljue, dy't hwet lêzen hawwe, scille wolris
in goekunde tsjinkomme, itsij det dy yn in Hollânsk
pakje omroun, itsij det er út eigen literatuer
nommen, mear ef minder fen bistek foroare is. Ek
is in lyts motyfke alris ta in foardracht útdijd.

Ik hoopje, dit boekje mei der ta bydrage om
de fleur en geselligens op de forgarrings fen it
sljuchtwei folk to forheegjen. Meiiens ta stipe fen
ús eigen, goede, âlde Fryske tael!

NIJEWIER, Augustus 1931.

A. M. WYBENGA.

Ruerd hie in aerlich winkeltsje,
Dat gyng hast noait mei lijen;
Hy foun almeast fen alles út
Om sleet yn 't spil to krijen.

Hy lokke in massa foar syn rút
Mei alderhânn kinsten;
En 't folk bileane den de gút
Wer mei syn keapersginsten.

Sa skreau er op in stik pompier
Hiel kreas en yn 'e puntsjes:
„'k Jow in kadoo fen twa poun spek
„By 'n puntsje pipermintsjes.

„Twa kwartsjes mar! twa kwartsjes mar!
„Hwa docht der nou in lûkje?”
En 't skoan stik spek, dat laei der by,
't Wier 'n moai en trochgroeid hoekje.

„Mar 'k lit,” sa stie op 't letterke,
„Der ien bitingst by wêze:
„Earst nei de keap fen 't snobbersgûd
„Jow 'k dat bitingst to lêzen.

„Allinne is dit for mânljue mar,
„Gjin frouljue wol 'k dit slite.
„Kom, mânljue, kom, jim moatte nou
„Ris yn dit mintsje bite!”

En Ruerd forkoft syn pipermint
 Sahwet aan alle Jobben;
 It wier in wûnder, ho't se yn 't doarp
 Dat trompkegûd bisobben.

Gjin manmins brûkte in prûmke mear,
 't Wier neat as pipermintsjes;
 Hja hiene glêd de bûsen fol
 Fen de âlde en nije pluntsjes.

Mar hwet fen 't spil it nuverst wier?
 't Spek bleau mar stil dêr lizzen;
 Gjin minske wist it rjucht biskie
 Op 't frjemd bitingst to sizzen.

Joech den dat wird sa'n slim stik wirk
 For 't keapersfolk to lêzen?
 Och stimper né! 't wier oars net as
 Noait bang for 't wiif to wêzen.

Elk swetste àl op, mar elk droste ôf
 As Ruerd it rjucht fortelde;
 It skynde wol, it hiele doarp
 Siet fol pantoffelhelden.

Soks hearde Beint, in stûfen baes;
 Hy sei: dat doar ik weagje,
 Noait wier 'k noch bang; ik doar myn wiif
 Op alle bûgen pleagje.

En Beint nei Ruerd om pipermint:
 „Dat gûd kinn' wy wol brûke;
 't Wiif scil, by 't sjen fen sa'n stik spek
 Der wis net fiis fen rûke.”

„Dos, dou wierst noait net bang for 't wiif?
 Noait, noait in ljeaf lyts flutske?”
 „'k Bin for gjin tûzen frouljue bang,
 Lit stean fen for myn Lutske!”

„Den's 't goed”, sei Ruerd, „den kin 't stik spek
 Hjir ek net langer bliuwe”;
 Meijens woe hy dat fette spil
 Beint yn 'e bûse triuwe.

„Ho, ho!” rôp Beint, „myn nije jas!
 Hwet scil myn wiif den sizze?”
 „Dyn wiif”, sei Ruerd, „dêr is 't al sa!
 Dou op 'e knibbels lizze

Foar 'f wiif en ek noch oan myn spek?!
 Gjin baerch jow ik myn pearls;
 't Stik moat mar wer op 't âlde sté:
 Hjir wenje dochs gjin keardels!”

En Beint dy skamle wer nei hûs,
 Hjir koed er mar oan rûke;
 Hy koe ta treast for 't ûngefal
 In pipermintsje brûke.

Sa hat gjin manmins it kadoo
 Us winkelman úntluze;
 En do't gjin ien it wîrdich wier
 Hat hy it sels bipluze.

Japik yn 'e forlegentheit.

„Japik, kom ris efkes harren,
 'k Haw in lyts krewel for dy:
 'k Moat om boadskip nei de bûrren;
 Pas dou wilens op 'e brij.”

„Goed”, seit Japik, „goed, myn wyfke;
 't Komt yn oarder, op myn wîrd!”
 't Wiif stekt ôf en Japik loert ris
 Yn dat pôtfol sûpenflut.

't Giet noch neat net hird, sa tinkt er,
 Komt it saekje sa wol gear?
 'k Scil dat fjûr 't ris better leare:
 't Komt oars fêst op tiid net klear.

Sa! dat helpt; 't bigjint to bûljen,
 Earst hwet sêft, den fierders gâns;
 Japik laket: grif, ik bin yn 't
 Itensieden wol hwet mâns.

Sss! bigjint it by de pôt nou;
 Japik wirdt binaude kjel,
 Hwent de brij komt oer 'e rânne
 Gliidt fen bûten der by del.

En it suzet, op 'e kachel:
 Sss! sa gyng 't oan ien tried wei.
 Soks dat neamt men brijoersieden;
 Mar ho moast de man der mei?

Hwet scil Japik nou bigjinne?
 't Wiif rôp him as groet noch ta:
 „Tink der om, 't moat net oersiede!”
 Stimper, en nou wier 't al sa!

Hie it wiif him ek mar foarskreaun
 Ho't er 't sieden keare koe!
 Wel, den wied er út 'e pikel;
 Mar nou wist er net ho 't scoe!

Wyld en wylder waerd de brijpôt
 Sss! al mâlder gyng 't der troch;
 „O!” ropt Japik, „hwet in rommel!
 O, ik wit net, hwet ik doch!

Japik stampit út fen wanhoop:
 Och, kaem nou it wiif mar wer!
 En hy sjucht al troch de ruten,
 Mar dêr kaem gjin Sytske, hjer!

— Wacht, sa tocht er, 't kookboek! mûglik
 De'k in middel dêr for fyn!
 Mar, sok sop- ef brijoersieden
 Stie der net in wird oer yn,

En fen need en spyt en woede
 Klapt er 't kookboek oer 'e groun.
 Einlings! — dêr is 't wiif! ho lokkich!
 Nou is 't saekje gau wer soun.

„Sytske! Sytske! bist' der einlings?
 Och, hwet is 't in slim gefal!
 'k Bin myn ried to'n ein; o fanke!”
 „Ja”, sei 't wiif, „ik rûk it al!”

Freeslik, freeslik, hwet in rommel!
 Hiel de kachel wier bidoarn
 Mei dy brune fette plakken,
 't Iten for gjin sint mear oan.

„Sokses, is dat brijoppassen?
 Keardel, hwet in klitseboel!
 Mânljue kin men neat mear hite:
 't Binne sipels sùnder doel.

En dêr pakte hja de brijpôt
 En hja sette 'im op 'e flier;
 Oer is 't kôkjen, yn in omsjuch.
 „Wier sok wirk for dy to swier?”

„Oo, dochstou dat sà!” sei Japik;
 „Ja, dou suffert! ja, ho oars?
 Sà hiestou it ek dwaen moatten”;
 Japik seach sa op syn noas,
 Sei gjin wird, hwet scoed er sizze?
 As forweezling stie de man.

Noait hat hy wer op de brij past,
 Dat wier noch syn heil der fen.

In liep skot.

In eabel Hear laei smûk mei 't fel
 Oer 'e eagen, wylst syn tsjinstfeint wekke.
 Mar hèn, hwet waerd mynhear dêr kjel!
 In kûgel hie him amp'roan rekke.

De feint stie mei it waerm pistol
 Bidaerd de spullen op to nimmen.
 „Mar keardel, hwet miskeart dy wol!”
 Gâns heftich wier mynhear syn stimme.

't Biskie wier: „Hear, wier 'k den net liep?
 Ik seach in mûs oan 't bedskut fretten;
 'k Tocht: aenstouns steurt er jo de sliep,
 En dêrom ha 'k it bisje sketten!”

De Wylgen.

Dêr hâldden ris saun wylgen yn
In boeregreide ta;
Dy droegen greate prûken op
Hjar âlde, hirde, houten kop
En rjuchtút rigen hja.
Hjar hege prûk mei hierren
Wiuwde àl mar nei 't omfierren,
Hja knikten: ja! hja skodden: né!
En nimmen wiste krekt hjar pré.

Do kamen d'r o sa'n fûgeltsjes,
Dy bouden dêr hjar nêst;
Hja wennen hearlik pear by pear
En hiene gâns in drok forkear,
't Foldie hjar boppestbêst,
En ider song syn lietsje,
Fen tirelirelietsje!
Mar al de wylgen rôpen: och,
Hwet skreauwe yen dy fûgels doch!

Do kaem de wylde warrelwyn
Mei rêdde srongen oan;
Hy draeit him trijris om en seit:
„Hwet 's dit hjir for parmantichheit?
Ik ken dy flinken skoan!
Earst hâldden hja hjar prachtich
Mar 't waerd hjar gau to machtich,
Do rôpen hja: „dit giet to raer
O hirde wyn, o slim gefaer!”

Do kaem in greate boi mei rein
Dy spriek mar gâns oerstjûr:
„Dy prûkebollen, 't is ynfoech,
Dy binn to heech, dy binn to droech
Dêr moat hwet wetter oer!”

De wiete wylgen skriemden:
„Hjir steane we as forgriemden,
O, aenstouns falle wy noch flau;
Né, dit forjtte wy net gau.”

Do kaem in greate bûnte kou
Dy snûfde en sei: „dit 's kost!
Sa'n wylgebledtsje is lang net tsjoed,
Is for in folle mage goed
'k Leau det it my dos past.

't Stiet siker fen dy prûken
Wol vrij, om hwet to brûken?”
De wylgen seine suchtsjend: „nou
Hwet siz jim fen sa'n botte kou?”

Do waerd op 't lêst hjar prûkebol
Sa alderyslikst lang,
Det ider hûvre for sa'n kyp,
De fûgels rôpen: pyp, pyp, pyp!
En waerden ek al bang.

En ider sei: hwet freeslik;
Dit liket ûngeneeslik!
De wylgen tochten: dit 's just bêst;
't Biwiist ús adel, dat stiet fêst.

Do kaem de boereknipper dêr
 Mei skirre en gâns plezier,
 Dy knipte mei in fikse hap
 Sa mar ynienen : knipperknap !
 Troch al dat wylgenhier.
 Hja skrokken sels ûntsettend,
 Mar de oaren laken dertend
 En blaeiden: dit giet heal om heal !
 Hwet binne jimme nou wer keal !

Pine' mûle.

„Och, hwet ha ik in pine' mûle !
 'k Moat mar nei de dokter ta ;
 't Stekt en pimpert nacht en dagen,
 'k Wol sa'n lijen net mear ha !“

Pibe fytste nei de dokter ;
 „'k Haw in siik âld kies mynhear !“
 „Wel“, sei dokter, „'k scil him lûke,
 En it docht folstrekt net sear.“

Dokter seach mar hiel gewichtich
 Lyk in learde en wize man,
 Krige do syn dokterstankje
 En de lûkerij bigon.

Ien — twa — trije ! — krak ! der wied er !
 Sonder hast det Pibe it mirk ;
 Dokter sei: „en nou twa goune
 Sa forstean ik 't lean op 't wirk.“

„Hwet ? twa goune ?“ skreaude Pibe,
 „En dat yn in heal kertier !“
 „Ho“, sei dokter, „woen' jy tingje ?
 Dat giet my hjir dochs to fier !“

Pibe sei: „mynhear mei drome
 Det ik 't jild op stritte fyn !
 Wolle jo twa goune hawwe,
 Set him den der mar wer yn !“

In droom.

Arbeider Jelke Jelkesma
 Gyng faekris nei de herberch ta,
 Hy waerd in broerke fen Skidam
 En sloech syn eigen skonken lam.

Nou barde it op in iere moarn
 Do sei er kjel tsjin wiif en soan :
 „O minsken, jow ris efkes acht,
 Hwet haw ik nuver droomd tonacht.

„'k Seach dûdlik fjouwer rotten gean,
 Dy wâdden my mar oer de klean ;
 En de earste rôt wier grou en fet
 Sa grou, 'k seach noait sa'n grouwen net !

„De twade en ek de trêdde wie'
 Dochs krekt sa meager as in strie ;
 De fijrde sprong der frjemd op yn
 Ik leau foar fêst, dat beest wier blyn !

As droomen profeetsijen binn'
Bigryp jim, hwet dit wêze kin?"
„Né!“ sei it wiif, „dat 's my to glêd,
Né, sokke droomen fetsje ik net.“

Mar 't soantsje sei: „dat is my neat;
Ik wit wol, hwet dy droom ús leart.“

„Dy rôt, sa fet fen ein oant ein,
Dy grouwe rôt is ús kastlein;
Heit wit it ek wol, is 't sa net?
Det dy sa'n grouwe budel het!

Dy meagren, ja dat is in skrik!
Dy meagren binne mem en ik!
Dy fjirde rôt, dy seach gjin wreid?
Welnou, dy bline rôt is heit!"

Hwet seach ús Jelkom op syn noas!
Dy droom joech him gjin moaije roas;
Mar syn gewisse joech wol blyk
En sei: dyn jonge hat geiyk.

Dou hannelst dommer as in kou,
Ja wier, dy bline rôt bistou!
En 't mijerde dagen him oanien:
Blyn hast' de domste stikken dien!

Hy gyng wer nei de herberch ta,
Woe dêr in hertsforsterking ha,
Mar 't fleach him as de reek troch 't brein:
Dy grouwe rôt is ús kastlein!

Hy teach wer ôf en sei tsjin 't wiif:
„'k Naem in bistlít en 't stiet ek stiif,
Ik wol en scil gjin drank wer ha,
Ik bin dat gûd for altyd ba!

En sont hat hy gjin drank mear hawn,
En sont wier hy by syn forstân;
Hy wier net blyn mear: hy koe sjen
En fetter waerden 't wiif en 't bern.

Jonge noct.

„Dei mem, 'k moet yet efkes de maityd yn:
It paed is sa blank en sa lij de wyn!"

„Myn fanke, siz, bist' net to gau forlaet
En sjuchst' wol by 't sintsje dat skouwend skaed?"

„Dei memke, né siker, de ljochte skyn
Toraent wol de driging fen 't wolkgordyn!"

En 't fanke sjucht wolkens en 't skaed sa lyts:
Hja sit al en stjûrt sa fêst hjar fyts.

Hwet sankje forfollet de maityds loft?
Sa triljend fen wille, fen jonge noft?

Hwet swevet op de amme fen noflikheit?
It fanke fyn bloeske ef it lústrjend reid?

Hwet blomke bloeit moaist yn it maitydsier,
De roas fen de dei ef fen achtsjin jier?

Hwet húvret it hillichst fen libbenstier
It krûdige grien ef hjar kroltsjehier ? —

Hwa swaeit dêr de hoeke om ? o blide tsjoen !
Ien winkje — hiel efkes — hja hat him sjoen !

O ljocht is de dei fen sinneskyn !
Dêr is er hjar by en hy hâldt al yn.

„Wel Sjoukje, dat treft op sa'n bliere dei ;
Moatstu dit ek út, is noch fier dyn wei ?“

„Hwet kin dy dat skele, ho fier't ik gean,
Dêr hat gjin feintsje mei út to stean !“

„Nou, lit dat mar sitte, mar is 't ek slim
Ik mei dy to rideń de vrijheit nim ?“

„Dû moatst it mar witte, wolst' ride ef gean,
Dat 's selde, de wei is for nimmen forbean !“

Sa giet it de wei lâns in pleagerskoft,
En trilje twa herten fen nije noft.

Hjar laits wier sa loftich, hy prætte lang
Oer fytsen en wille, oer muzyk en sang.

Dêr dôve hwet hommels de sinneskyn,
In wolkem dreau op mei stiver wyn.

Hy naem hjar by 't skouder en skoude se oan
En lûstre : „myn fanke, hwet kin dat skoan !“

De greep fen dy hân ! o, de selde wier 't
As do't hja oer iis mei him baentsjered.

Hja aksle hwet tsjin : „och, ik kin 't wol dwaen,
Hwet mei 't wer de minsken in tinken jaen !“

„Dit hoegt oan de minsken gjin erch to jaen :
'k Ried ek wol by 't winter mei dy de baen.“

„By 't winter ! mar nou is de maityd dêr,
De simmer is oars as de winter hjer !“

„Hwet oars ? ik kin der gjin oars yn sjen
„Dû bliuwst dochs myn fanke, myn derten bern.“

„Hwet mienst' wol ? ik fetsje sok sizzen goed :
Dyn wird wirdt wer wei as de dei fen hjoed !“

„Myn sizzen jildt hjoed, dêr myn libben by :
Dû bliuwste dochs mines ? o siz it my !“

Dy hän op dat skouder bifête it sa;
En 't lipke en it laitske en it ljocht sei : ja !

De túnbank.

Ja, ja, fen yens frjeonen moat men it mar hawwe!
Dat haw ik lêstendeis noch ûnderfoun.

Sjuch, wy wierne by Master-en-dy to thédrinken.
Douwe Nijboer en Rinske, Dominy en Mefrou en
myn wiif en ikke, in hiel gearset.

Do't wy in setsje oan 'e praet west hiene, moasten
wy de tún ris roun fensels. Master hie sokke bjuster-
baerlike greate blomkoal, neit men hearde, det
Dominy woe dy perfoarst ris sjen. Nou, ik kroaske
mei, eigentlik tsjin 't sin, hwent earlik sein, de man
is gjin tún wirdich, sa sleau is er dêrynn; mar it
scoe al to hounsk west hawwe as ik net meigien
wier. Lykwols ik pleage my sels der hei.

Ik kin dat greatsprekken fen Master net daeije,
en op 'e keap ta siet de tún ek fol smoargens en
ûnrant. It wier allegear fiter en readskonk en
kattestirt.

Nou wy kamen by de blomkoal. Wel, dy foel
my al net ta, en ik liet him dat ek wol fiele. It
wier goede koal, mar net om dêr nou sa oer to
bearen. Dominy helle se wakker op, mar ik hâldde
fol, det wy se wol folle greater oan 'e doar hawn
hiene: mei sjerp smarre, dêr moat ik noait neat fen
hawwe.

Master prot, fensels. Nou, tocht ik, goed, den
swij ik fierders.

Wy trapen nei de snijbeane.

„Steane hja net foarlik, Dominy?“ wier it wer.

„Kostlijk,“ sei Dominy, „kostlijk, meester! Dat
belooft wel wat hoor!“

„Ja,“ zei Master, „en sjuchris: sok salaed!“

„Kolossaal“, sei Dominy wer, „ik weet nooit, hoe
Jo it hewwe!“

„O!“ andere Master, „Dominy moat witte, det
ik in bulte yn 'e túnbou studearje. Mar, hwet siz
Jo fen dy earte?“

„Myn gunst en gien end,“ rôp Dominy. „it is
kant een mirakel!“

Wel jonge, it hong my de kiel út! Dominy is
in pûdtsje en dy fornaem wol, hwet der yn my
omgyng en om my op stank to jeien, priizge er
dat gûd nammens to mear.

„En hjir binne wy by de nije griente, de Japanske
andoorn. Boargemaster seit, hja is lekker, mar men
moat der earst hwet ta wenne. It scil my ris binje,
ho't hja ús foldocht. Der sit omraek skoat yn, nou?“

„Is it dat spil?“ frege ik en ik wiisde mei de
foet nei in pôle hoofsblêdden. Ik koe 't net helpe,
it foel der sa mar út. Keardel, hwet krige Master
in kaem. „Ja!“ rôp er, „dy't lekskoaije wol, kin
altyd wol hwet fine!“

„Kom, kom, frienden,“ foel Dominy dêr twisken,
„gien spul hoar. Wel Meester, wat belooft dy
Doeke Martena ook best! En die daar, is dat een
Harmen Harkes? Nou, Jo kinne fan 't jaar it heele
dorp wel fan appels en peren foarsien.“

Wylst Dominy sa foart foer, kamen wy njonke-
lytsen foar hûs en bleauwen dêr in toarntsje stean,
om op de frouljue to wachtsjen dy't noch om de

nije griende „ûnder de hoofsblêdden“ sochten. Douwe, Dominy en ik riddenearen oer it moaije stik flaeks, aan de oare kant fen de pûndyk. Master stie der by to snuten en to snuven en blies en avanseare wakker mei syn piip om, ynwindich prot fensels om dy stjonkende hoofsblêdden. Ik joech der neat om, hwent ik tocht: dat erlike swetsen meist' wolris ôfleare en sa hâldde ik Dominy mar hwet oan 'e praet.

Einlings sei ik: „dy frouljue bliuwe noch mar wei, wy scoene ek likegoed ús gemak der hwet fen nimme kinne en lit ús hjir efkes op 'e túnbank delfalle.“ Sa sizzende, wier ik efjerút trape en joech my ta sitten.

O, do moasten jim dy loebeseftige troanje fen Master ris sjoen ha. Dô't ik siet, rop er, sabearé út goederbêstens fensels, — „net dwaen, farve!“ mar it wier for my al to let. Fensels, ik stoude oerein, as waerd ik fen efteren oansketten, mar ik hie de print al yn 'e broek.

„Dy skoandere broek,“ sei ik en biseach my fen efteren sa goed as ik koe. It seach der bryk út: de broek wier ljochtgriis en de latten fen de bank donkergrisen.

„Dat hierret min,“ sei Douwe.

„Wis hierret dat min,“ sei ik, „mar moast dy smjeunt my dat net earder sein hawwe? De bank hat noch gjin trije ûren farve west. En nou gniist er my ek noch út!“

De frouljue kamen der by en do waerd it net folle better. Hja bearden en laken sa lûd as hja koene. Myn wiif fensels boppe alles út. Dy sei,

dat hja my yn 't ingelslear sette scoe en Dominy's Mefrou ornearre, det as de latten oars rounen, ik fen efteren in moai plak hie, om der in druvebeam by op to lieden.

„Met jou welnimmen,“ sei Dominy, „den súd de man ommers altyd met de rug naar het suden staan mutte.“

„Lit driven by jou man syn eigen meagere skrinkels opgean,“ sei ik pûr lik.

Ik scoe fen grimmitigens it paed útrinne mar Douwe pakte my by de skoat fen 'e jasse en sei: it is neat jonge; in bytsje terpentyn, den binne jo wer klear. Master, hawwe jo hwet fen dat gûd yn 'e hûs?“

„Jawol,“ rôp Masterke, dy't uteraerd in goed minske is en hja mei saun hasten yn 'e hûs. It dûrre gjin minût, dêr wie hja al wer en de faem mei de terpentynflesse yn 'e hân kaem efter hjar oan.

„Hwer moat ik wêze?“ frege dat flarde en geat al fen it gûd op in wollen lape.

„Hjir sa,“ andere ik en wiisde nei de print, „mar lit ús efkes efterhûs gean, it is my hjir tofolle oan 't paed.“

Hja gyng mei en fensels de hiele kliber ús efternei. Hja wierne der nedich op 'e noas by!

„Wel,“ sei ik, „bistou dat, Tryn?“

„Ja keapman,“ andere Tryn, „ik scil keapman wol opkalefaterje! Keapman hat noch wol hwet oan my to goede“. Hja hie yn 't foarige in pear jier by ús tsjinne, moatt' jim witte.

„Der niet te feul toegelijk an,“ sei Jiffrou, bilieven niet te feul, hoar Tryntsje!“

„Né,“ andere dy nijrre, „ik scil it wol goed roaije. Keapman en ik witte it wol, en't keapman? en hja wreau, det it hwet ôfdiich.“

„Hwet mear yn 'e bocht, goed yn 'e bocht, keapman! Keapman moat der him bilieven goed nei jaen. Sjesa, ik scil jo wol opkwikke!“ en it gyng om 't haverklap „klok, klok, klok“, al mar wer ta de flesse.

It dûrre den ek net mâlle lang, ef ik forbeelde my, det ik al trochplakte. „Is 't der noch net ôf?“ frege ik, „dou forpoezzest dat hiele flesfol terpentyn op my.“

„Sa amperoan, keapman!“ en it wier wer: klok, klok, klok!

Dêr hearde ik gûds efter de bûsdoek laitsjen, bynammen Jiffrou en Master. Pûr waerd ik. Op itselde stuit fielde ik, det ik trochwiet waerd.

„Wel dou klitse!“ sei ik en scoe Tryn in trewinkel forkeapje, mar dy wier op hjar iepenst en file der út.

„Hou keapman, goed spand stean bliuwe!“ sei Douwe, mar ik rôp dêr tsjin yn: „rin hinne, jim allegear!“ en ik wier op 'e bûrren foardet ik der om tocht. Ik moast dêr wei.

En hwet haw ik dêr letter noch hwet om bilibbe.

Ik koe de bûrren net lâns komme, ef den wier it: „sjonge, hwet rûkt it hjir nei terpentyn! Hawwe jo der ek lêst fen, keapman?“ Sommigen wierne noch roeden fen my ôf, den snûfden hja al as brûnfisken en earjisterjoun doarst dy smjeunt fen in ûndermaster my freegje ef dat dy selde broek wier, dêr't ik dat ûngeimak yn hawn hie.

„Pas dou op dyn eigen ûngemakken,“ biet ik him ta.

En in oarenien sei: „hawwe jo jister dy nije drillen broek wol op 'e line hingjen sjoen? Nei't men sei, stonk it ding as in mird.“

It wier dos net allinne det hja mei hjar seizen en myn wiif dêr noch by, hjar der wakker mei formakken, mar hja hawwe de moard ek noch útbrocht.

Fen yens frjeonen moat men it mar hawwe.
Tinkt jim ek net?



Mei Omke to fiskjen.

It wier op in moaije Moandeitomoarn det Omke en ik de bûrren útstapten om in goed soadtsje fisk op to heljen. De opfeart siet fol, dat wisten wy en wy hiene Moike biloofd, hja scoe hjoed nochris in soad fisk thûskrije, lyk as hja fen hjar libbensdagen net earder sjoen hie.

Moike lake, wylst wy ôfstieken en wij hearden det hja tsjin de faem sei: „ik sjuch dat soad fisk al foar myn eagen; elk in flinke snoek, pas mar ris op!“

Mar dy smeulske praetsjes koene ús netolle skele en do't wy, mei forrin fen in ûre, den ek al in hiel netsjefol bears op it droege hiene, waerd ús sin hwet langer hwet fleuriger. En Omke, âld bysfeint as er wier, kaem mei in forteltsje op 'e lappen, wûndere moai; en do't ik der wakker om lake, wied er alhielendal op snijt.

Midden yn syn forteltsje, om it my dûdlik foar de geast to bringen, stiek er syn beide angels foarút, as hied er in leye yn 'e hannen, smiet him efteroer tsjin in opperke walhea oan, dêrt er efter siet, mar.... minsken! Hy tocht net om syn smel plakje en rits! dêr stied er oan 'e mil ta yn 'e opfeart.

Gauwer as men tinke kin, wier ik by him en hyste him der út. Mar mei dat al, hy wier fen ûnderen dweiltrochwiet en joech den ek nuver gûd op.

— „Dêr haw wy de earste snoek al! tocht ik, mar ik sei: „och hwet bidroefd; nou moatte wy it fiskjen ek opjaen. Mar daliks nei hûs. Oars kin Omke der noch wol in krupsje fen skypje.“

„Nei hûs? nei hûs?“ rôp de âlde, „ik woe ljeaver! Moike scoe hjar ta de teannen út formeitsje. Hja narret my oars altiten, as ik mei neat thûskom, en nou't ik hjar de eagen ris utstrike scoe, hawwe wy dit wer!“

Hij socht in oar plakje op en woe perfoarst langer fiske.

„Omke“, sei ik op 't lêst, „as jo bislist net nei hûs tawolle, doch den dy wiete rommel út. Omke kin myn ûnderbroek salang wol oankrike. It is tige moai waer, den hingje wy it spil to druijen, mûglik det 't mei in pear ûre wer aerlich droech is. Dat is folle better as yn dy kletse klean dêr to stean.“

Omke liet him biwege. En wy hongen it spil op 'e beanestrampels.

Altomets hifken wy de wiete broek ris.

„Hy avansearet al hwet,“ sei ik „mar it koe hirder. Aeklik, det wy hjir sa twiske de noaten sitte! Harkris, Omke! Jo hâlde mar oan mei fiskjen mei ien angel, jow my lykwols de oare, der moat mear gong yn 't spil.“

Ik plantte de trije stokken dy't ik nou hie, yn 'e groun en boun se boppe oan elkoar. Do't ik dat dien hie, kaem de broek dêr boppe op. „Sjesa!“ sei ik, „dêr boppe scil 't wol hirder gean. Sjuchris, sa moai spilet de wyn troch de boksen!“

Omke kearde him om. „Is 't dy yn 'e plasse slein?“ rôp er. „Wolst“ wol leauwe, det wy sa

alle boeren út ús krite om ús hinne krije?“ It liket wol in needflagge! Del dat spil! Lit ris fiele dat ding!“

Omke fielde, mar de boksen dripten noch. „Stil mar,“ sei er op ‘t lëst, do’t ik tsjin him ynprotte, „dou mienst it goed, mar hwet tinkt dy der fen, as wy him ris goed útwrongen? Hwet wy der út wringe, hoegt der net út to druijen.“

Dat koe bisocht wirde. Bokse foar bokse, scoe it bêste wêze. Omke scoe hâlde, ik wringe. De âldbaes stie der fjouwerkant foar. Dêr gyng it hinne. „Moai sa,“ sei er stinnende, „it helpt skoan!“

„Ja, nou de oare! Omke moat him mar wer to skrep sette.“

Mar ljeave Sijke! ik bin fen myn libben net kjelder warden! Op in stuit hearden wy in gelút, eft der âld linnen trochskoerd waerd en foar ik it wist, laei ik foar Omke op ‘e groun.

„Hâld op jonge!“ skreau er, „ophâlde siz ik dy, dêr hawwe wy it earme lyen al!“

„Ja Omke,“ sei ik, „dit stiet slim!“ En sa wier it: do’t wy it ding goed biseagen, wier de heale bokse op ‘e hichte ten it krûs trochdraeid.

Ik scil fest wol biteutere sjoen ha, mar Omke? Och, och, as ik noch om dy troanje tink! Skrik, forsleinens en lilkens stie der op to lêzen; as hie ik him de skonk út de dop draeid, it hie net slimmer wêze kinnen.

„Dêr stiene wy en wisten ús ried gjin ein.

„Goemoarn jimme!“ sei der hommels immen efter ús.

It wier boer Wimerts. „Ik moast hjir wol ris efkes by jim sjen. Hja fange neat, tocht ik en nou binne hja oan ‘t maljeijen. Hwet bitsjutte dy broek dêr niis yn ‘e loft? Ik wier to boerkjen en seach... mar keardel hwet nou? De boppebroek út? Sa waerm is it oars net.“

Omke seach by him del, krekt allyk, as hied er himsels fen ûnderen nea net sjoen en hâldde de stikkene broek efter him bïside.

„Ja Wimerts“, foel ik der twisken, „it is in bihyplike boel mei Omke“ en ik fortelde koartwei ho’t it kommen wier.

„Nou“, sei de boer, der moat rie skaft wirde; in broek fen mines oan, scoe jo net passe, mar ús arbeider dat is ek in stevige keardel, dy scil noch wol in broek to lizzen hawwe, dêr’t jo wol yn kinne.“

Mei in kertier wier de boer der wer: „hjir haw ‘k al ien; tsjuch oan mar!“

Omke sei neat, mar diich hwet him hiten waerd, wyls, wy elkoar oan glimken.

„Wel, dat giet der yn as ‘t slydjaget,“ sei ik.

„Ja, hjir kin ‘k wol yn,“ andere de âlde, „mar wit dy man der nou ek fen?... It liket wol in soldatebroek, sa blau is er! Jonge, Jonge!“

„Kom, gekheit allegear! ‘t Is in soldatebroek. sjuch, dêr sit in knoop. Nû. 9 stiet der op. Jo binne nou in disserteur fen it 9e resjemint, mar hwet scoe dat? Lit jou wiif mar gauris sjen! Hja scil de kofje wol brún hawwe, it lukt nei tsienen. Fen it fiskjen komt dochs neat mear.“

It spande det Omke risselwearje koe: de man siet sa yn 'e lytse loege. Mar dêr siet oars neat op.

En dêr sjokselen wy hinne. Wimerts foarop, den ikke mei it soad fisk yn 't netsje en Omke mei syn snoek as trêdde laem efteroan.

Wy scoene mar by it pakhûs lâns glûpe, mar dêr krike de faem ús yn 'e kikert. „Hwet nou?“ lake hja, wylst hja de hannen yn 'e siden sette, „hwet hat de baes in moaije blauwe broek oan! Nou mar, dy stiet kreas, hear!“

„Hâld dy stil ju“, sei ik, „moatst ris sjen sa'n moai soadtsje fisk wy fongen hawwe!“

„Ja“, sei se, „en ik leau det de baes ek in moai snoekje op 'e wâl helle hat!“



De greate koal.

In man dy't sahwet de hiele wrâld bireisge hie, rekke oan 't fortellen fen syn aventûren.

„Ienris“, sei er, wier ik yn Japan en do seach ik sa'n reuzekoal, det in trop fen hûndert ruters mei hynzer en al ûnder de blêdden dêrfen skûlje koene.“

Jimme kinne bigripe det it selskip dêr wakker oer bearde. Sa'n koal, dat wier nochris in koal!

Op 't lêst sei ien fen 'e tahearders: „ik haw ek alris yn dat lân west, dêr't mynhear it sa just oer hie en dêr seach ik ek in bûtengewoanichheit: hja makken dêr in greate poat, fen fetsoen as in han-tsjettel, dêr't mear as 300 arbeiders fen bûten oer oergear wierne en 133 skripten der fen binnen yn om him to skjirjen.“

De earste fortelder frege do mei in fiis gesicht: „mar as ik jo freegje mei: hwer moast dy greate tsjettel ta tsjinje?“

„Wel“, sei nûmer 2, „om dy reuzekoal fen dines dêr yn to stoven.“

De kou.

Dêr kaem er ta 't búthûs út slydkjen, ûnwis eft er in greate sprong ef in ûnnoazel hoannestapke dwaen scoe; de man oan 't hoarntou hie mar in lyk om it heal ûnwillige beest by de útdoar to krijen.

Mar do, yn 'e efterdoar, — de sinne skynde der lûk ta'n yn en de mylde maitiidsloft wazeme nei binnen, — stied er earst efkes pal en do yn ienen, de noasters wiid iepen, de earen steil op 'e kop en de eagen gleon fen al it nije, diich er in wynske sydsprong, de man yn 'e swymslach meinimmend, en dêr draefden dy twa-beiden it hiem op en del. Mei greate trêdden, wakker yn 'e rêch lynjend, bisocht de man it beest op 'e side to bliuwen.

Syn ryske hied er al forspile, syn iene klomp stau him efternei en mei gewelt bisocht er de kou mei de knoop fen it hoarntou foar de kop to slaen. Mar de slach wier der krekt by lâns en de man kaem rjucht op 'e rêch oer 't hiem to lizzen to spinfoetsjen.

De kou, nou los, scoe it noch hirder bisiikje, mar hy wâdde op it tou, dêr't er de knoop fen twisken de kleijen krike en yn in omsjuch plofte er ek oer it hiem en diich in slach oer 'e rêch mei alle fjouwer poaten de loft yn.

Mar hy stie sa mar wer en bigoun fennijs it hiem op en del to bôgjen. Nou scoe de boer him pakke, mar om't de knoop út it tou spat wier,

wier der nou gjin hâld mear oan en de boer makke noch raerde gibeltsje as de arbeider niis-kreksa.

De kou, plof yn 'e barmsleat, det it wetter mei in goatske oer 'e omfallene boer hinne snjitske. Snuvend, dampend kaem it beest wer boppe en de sinnestrielen spegelen op it trochwiete hier fen 'e hirdrinder, dy't nou de bûrren útstiek, in glinstrich paed efterlittend.

„Krij him, pak him!“ rôpen in stikmannich jonges de boer en de arbeider efternei en mei in gewelrich klomp-klomp draefden hja efter de kou oan, dy't greatsk op syn vrijheit mei greate gisels der útmeat.

Alde Sibbeltsje stie krekt by 't ammerrek mei in heal útwrongen dweil yn 'e hân mei hjar bûrwyfke oer 'e minnens fen de nije dokter to praten, do't it beest op hjar tasetten kaem. Hja spatte fensiden, de hannen yn 'e hichte en de kou skampte by hjar lâns, dwers troch 't ammerrek hinne, dat as in spoennen doaske yninoar tearde.

De fijldwachter diich in raem mei de platte kant fen 'e sabel nei it beest, mar dat joech likemin fortuten as de nidige greep fen greate Halbe, dy't oars alle aksjes opknappe koe.

Der kamen mear mannen opdaegjen. Gûnt der efter en gûnt der foar, mar it beest, greatsk op syn sprongen en sénuwetich fen de wûndere vrijheit, meat der út, rjuchts en lofts mei it útraffelein slingerjend.

Dêr hiene hja him — bynei. Hy diich wer in skeane spronge fensiden, boppe oer it hikje by

Rindert Oebeles hinne en kaem yn 'e blikke tolânn. Dêr roek er it lekkere gêrs en helle in pear bekfolken nei him ta.

Rindert syn wiif hie hûshimmelersdei en scoe de Spaenske matte útklopje do't se it spyktakel op 'e bûrren en de gast yn 'e blikke fornaem; helthaftich sloech se nei it beest mei de matteklopper, de kou sprong oer it bêd hinne, dat dêr laei to wierjen en naem in pear lekkens op 'e hoarnen, dy't mei in flapperdeflap oer 'e hage swypken.

In wyntwirring kaem om 'e hoeke fen 'e skûrre sadet lekken nûmer 3 as in seil de loft yngyng en de kou biteutere fen syn eigen heltestikken tobekskrilde.

Dêr wierne syn forfolgers! Mar nochris úntsprong er de douns mei linich oer 'e hage to wippen. Dêr kaem er yn in eptich túntsje mei goudtsjebloommen tolânn. Hy draeide der yn om, skopte de goudtsjebloommen foarút en efterút, det der neat hiel bleau en yn in wink it hiele túntsje ien greate forwoasting warden wier.

Hymjend en pûstend wjukkele de boer nou ek oer 'e hage en boldere tsjin de kou: wacht, ik scil dy moares leare!

De kou like nou syn bikommen te hawwen. Pal stied er yn 'e goudtsjebloommen, as ien dy't net rjucht by syn sintrum is.

Dêr pakte de boer him. Hy boun in nij hoartou oan it stik dat it beest by de kop delbongele en stapte mei syn fjouwerfoetter ta 't stekje út. „Bidarje mar wyfkes“, sei er, „de skea dy't der fen kommen is, scil ik jim wol forgoedzje.“

Minsken, gean hwet oan kant. Ik haw him en ik scil him nou ek wol hâlde. Hy scil nou wol útsprongen wêze.“ En for de wissichheit liet er him it eintsje biezemrys for de kop lâns kidelje.

De grappen wierne nou oer. Eft der neat foarfollen wier kuijere de aventurier efter syn baes aan en liet him gewillich nei de finne bringe, dêr't syn kammeraten, de stirt yn 'e biezem, it lân op en del draefden.

Efkies meaten se noch, do bigounen hja to weidzjen yn it lekkere nije gêrs en in foech ûre neitiid laeien de measten al rêtich to weakôgjen.



